

[0411]                    **De oplossing fan in rjochtsfilologysk riedsel?**  
**Oer *grandeboek*, *grandskrivere* en *granderagretman***

I. O a n r i n

Dat alle tûkelteammen op it paed fan 'e frisist noch net opromme binne, is bikendernôch. Oer ien dêrfan soe ik gear wolle yn dit nûmer fan *Us Wurk*, dat oan 'e neitins fan Mr. M. Oosterhout wijd wurdt. Doe't de lêste noch yn wêzen wie, hie ik de swierrichheit, dêr't it yn dizze bydrage oer giet, al ris mei him bipraet en him myn útliz foarlein. Lyk as it faker bart, koe ik doe troch driuwender wurk myn bitinken net op skrift bringe.

In rige ûndersikers hat yn 'e rin fan 'e tiid oer de bineamingen *grandeboek*, *grandskrivere* en *granderagretman* skreaun, sûnder lykwols ta in útdragene saek to kommen. Ear't ik op har bytiden nuvere opfettingen yngean, sil ik de lêzer earst trochdwaen, hwat net yn 'e kiif stiet. Tankber meitsje ik dêrby gebrûk fan guon literatueropjeften yn A. Teltling syn proefskrift *Het Oud-Friesche stadrecht* (1882), s. 34, noat 1.

II. D e b o a r n e n

1. It *grandeboek*

Yn 1611 joech Adam Westerman, doedestiids dûmny to Starum, ûnder de titel *Groote christelycke ZEE-VAERT, in XXVI. Predikatien, in maniere van een ZEE-POSTILLE* in boek yn 't ljocht, dat, foarsafier't wy neigean kinne, yn 1623, 1660 en 1727 fannijs op 'e parse lein waerd. Oan dy prekebondel is in *Beschryvinge van Stavoren* taheakke, dêr't ik it neikommende út oanhelje: 'Anno 1200. floreerde dese stadt noch in alle hoogheyt ende rijkdom / daer was de eenige stapel ende koop-handel / vermaert in verscheyde Koninckrijcken ende Landen /de Borgeren leefden in alle weelde en dertelheyt / soo dat sy niet en wisten watse deden / lieten hare Stoepen ende Leunen voor de deuren vergulden / soo dat by veelen ghemeyndt worde / datse verguldet / ende met gout beslagen waren / worden daerom by vele de verweende Kinderen van Stavoren ghenoeemt. Sy hadden haer eygene beschrevene Wetten ende Rechten, als het oude ghedruckte *Grande-boeck* des Stadts noch aen-wijst. Voerden 't Recht ter galge ende te swaert. Het lant buyten dijck tusschen Stavoren ende Scharle / wort noch huylensdaegs de Galge-venne genoemt' (s. 12). Op in oar plak seit deselde skriuwer: 'Het gedruckte *Grande-boeck* der stede Stavoren eenighe hondert jaren out, aenwijst Personen met name ende

toename welcke verscheydene coegangen in Odulphus velt in bruycking gehad hebben, zoodat aen desen in 't alderminst niet getwyffelt wort' (s. 10).

Yn tiidsoarder folget dan Hendrick Soet, by hwa't wy yn syn wurk oer de *Op en Nedergank vande Oude Koninklycke en loffelijcke Anzee-Stadt Stavoren Outs tydts Hooft en Moeder Stadt der Friesen* (1647) op s. 177 lêze: 'Zy hadden hen eygen beschreven wetten en rechten / als het oude *Grande-boeck* des Stadts noch aenwijst / gelijk *Westerman* getuyght /'.

Op *Westerman* giet dúdlikernôch ek Chr. Schotanus tobek, as er ús yn syn bikende *Beschryvinge van de Heerlyckheid van Frieslandt tusschen 't Flie end de Lauwers* (1664), s. 263 forhellet: 'Omtrent het jaer 1200. bloeyde de Stadt noch ten hoochsten. Sy hadden haere eygene beschrevene wetten ende rechten / noch te lesen int oud *Grandeboeck*. Voerden 't recht ter galge ende swaerdt. 't Landt buyten dijck tusschen Staveren ende Scharle wordt noch hedensdaegs de Galge-venne genoemt. Omtrent het jaer 1230. condmen noch met een Rafter oft dalye van Staveren overgaen nae Enckhuysen doort bosch Creyl'.

Dat binne de âldste fynplakken fan it Starumer *grandeboek*, dat, lyk as wy sjoen hawwe, foar 't earst yn 1611 by *Westerman* foarkomt, dy't it 'eenighe hondert jaren out' neamt. Dêr kinne wy út opmeitsje, dat it yn it Aldfryske tiidrek as *grandebôk* bistien hawwe moat.

## 2. De *grandskrivere*

Us iennichste boarne foar de *grandskrivere* is it hânskrift Jus Municipale Frisonum, dat ús de namme fan dy rjochtsamtner twa kear oerlevere hat. Oan 'e ein fan it boeteregister fan Ljouwerteradiel steane op f. 166r de wurden: *Thet send riuchte bote by vvysene thes grand scriweris*<sup>1</sup>. Itselde lêze wy op f. 131r as opskrift boppe in oare list fan boetetaksen, mar dan mei in mennich grouwélige flaters der yn, dy't wy aldergeloks mei help fan 'e niisneamde oanhael forbetterje kinne: *Thet send tha botha bywisera* (1. *by wisene*) *thes grunds struweris*<sup>2</sup> (1. *grandscriweris*). It is spitich dat guon skriuwers troch de bidoarne lêzing *grundsstruweris* letter op 'e doele rekke binne. Ik kom dêr aenst noch op werom.

## 3. De *granderagetman*

Om't yn tael- en rjochtskundige skriften út 'e 19de en 20ste ieu it *grandeboek* meast tagelyk mei de *granderagetman* bisprutsen wurdt, sille wy earst it stik út it Jus Municipale Frisonum ôfprintsje, dêr't de amtsplichten fan dy grytman yn fêstlein binne. It is ien fan 'e eedsformulieren, dy't dat ms. oan 'e ein fan it Fryske part biwarre hat. It folget oan *dae greetmans stowinga In weinbrinze dele* en de tekst is lyk as neikomt:

## Dit Senth tha grandera stouynge

(f. 203v)

1 DJt sidze ghi ende swerred bi gode ende bi iemma siele fan dissen dey vnd ti decken boeth to stole kompth / [dat ghij] <sup>3</sup> al disse granderen ende disse lioden hold ende gonstich se riuchtis (l. riuchter) reden ende riuchtis riuchter (l. riuchtis) /

2 | ende hot soe ioe ti sanne falt Jens den biscop ief yens den decken iefta toe yenst enige handen deer ws grandera ponten wol bihindrija iefta fornedrija ney Jn haldane ws grandera briuwes / dat ghij dat scette mit Rede / ende mit dede soe ghij alder best konnen ende mughen /

3 | Ende hot soe [ioe] danne to clage comme ende toe riucht dat ghij twiska twira tale een riocht doem dele /

4 | Ende hot soe ioe to fijnde kome mit ielkers iuwe sidem/ dat ghij dat all riuchtelike fijnde hit ne se dat ghij dae wirde witet andma dae foerd brenghe / also fijr so hit dat Riucht daya moghe /

5 | Mer alle dat deer een grandera greetman ief en grandera zijd berre ti beriuchtane / dat ghij dat alle riuchtelike riuchte ende nene mede nyme hor mitter wirde [ner ienster wirde] / mer dat ghij Riucht riuchte

6 | 'het se hor soe ick se ioe hadde bynameth ief naeth binaemt / and ti dae grandera Riucht here dat ghij deer alsoe toe dwe / alst Jn ws grandera breue scriouwen steeth / Ende ghij dan riuchtet al to lika dae arme asti rika di fraemda asti sibba etc.

Dat formulier biskikt ús bihalven de dat.pl. *granderen* de gearstallingen *granderabrêf* (-briuf), *granderagrêtman*, *granderaponten*, *granderariucht*, *granderasîd* en *granderastovinge*, dêr't yn 'e fuortsetting fan dit artikel mear oer sein wurde sil.

Oant seiskear ta spilet de *grantera grietman* fierders in rol yn in oarkonde fan 1449, dy't P. Gerbenzon yn *Fryske stikken út Codex Furmerius*, diel II, Estrik XXXIV, 1963, s.5-10 útjown hat. I e n *grantera grietman* wurdt dêr oan'e ein mei namme en tanamme neamd, it is *Tiaric fongher zoen nu ter tyt grantera grietman in Wolderkum* (Warkum), dy't it rjochtsbrief mei bisegelet. Ik soe der nou alfêst op wize wolle dat er op dat stuit net de iennichste *grantera grietman* yn it oanbilangjende rjochtsgebiet wie, hwant yn rigel 148 stiet *tha grantera grietman*, dat in meartal is!

4. It wrâldske rjochtsdistrikt *de granderen*, *granteren*, *granter*s

De forklearring fan *grandeboek*, *grandskrivere* en *granderagrytman* wurdt der net ienfâldiger op, as wy hearre dat ek

in biskate kontrei as *granderen*, *granteren* of *granter*s oantsjut waerd. Yn in Frysk kronykje, dat yn it Jus Municipale to finen is, stiet earne biskreaun *M<sup>o</sup> CCCC<sup>o</sup> XXII Da worden da granderen vrstereth* (forwoaste)<sup>4</sup>. It sil klearrichheit hawwe dat dêr allinne mar in krite mei bidoeld wêze kin. Hokker gea dat west hat, sjogge wy oan in plak by de skiedskriuwer Petrus fan Thabor, dy't fan itselde foarfal gewach makket: 'Int iaer ons Heren MCCCC ende XXII worden die *granderen* verstoert als Workum, Staueren, Hyndelopen mit hoer ommelanden' (I, s. 11). Oer it barren yn 1422 birjochtet Worp fan Thabor: 'Dit jaer voorsz. worde verduruen Staeueren, Hindeloepen, Woorckum, met die *Granter*s. Ende om wat saecke datse worden verduruen, vynde ick nergens geschreuen (IV, s. 71).

Deselde streek komt to praet, as Worp de striid fan Skier en Fet yn 1445 biskriuwt: 'Ter wylen zyn die *Granteren* vergaedert, ende hebben vreemde soldie tot hem int landt gecregen, ...' (IV, s. 86). Wy hawwe dat gebiet sadwaende yn súdwestlik Fryslân by de sé lâns to sykjen. Dat dêrfoar yn 'e midsieuwen noch in oare bineaming yn 'e swang wie, wurde wy gewaer út Worp syn forhael oer skelen yn 'e tiid fan 'e Fryske haedlingen: 'Int jaer ons Heren duisent vier hondert ende negenthien onthielde Sicke Syaerda, houelinck toe Franeker, een man met gewalt, die diefte hadde gedaen in *grote of seuentiende aenwird*, ofte die *granteren*, ende wolde hem niet ouerleueren in handen der geenre, daer hy hadde gestoelen, datmen hem mochte iustitie doen nae zyn misdaet' (IV, 49). Dat strykt mei Petrus fan Thabor syn forslach fan dy deilisskippen, dêrt wy dit út oernimme: 'Dese Sicka onthielt een man, die diefte ghedaen hadde ende ander boverye in *die groete Aenwert* ofte *die tseventiende Aenwert* teghen horen wille. Doe quam die Aenwert mit hoere meente ende wolden Sicken soecken, alsoe dat Sicko volc hyr teghen reed, ende quam die meente teghen, ende Sicko wan die stryt' (I, 6). It is dus sa fêst as in hûs dat *die groete Aenwert* en *die tseventiende Aenwert* oare nammen foar de *Granderen* (*Granteren*) west hawwe. Likemin stiet it yn 'e kiif, hokker stêdden en doarpen ta de gerjochthichheit fan 'e *Granderen* hearden. Neffens de oarkonde fan 1449 falle de grinzen dêrfan gear mei dy fan it dekanaet Warkum-Wtbirde.

### 5. *It dekanaet Grandivorum*

Hwat de bitizing oer it riedselige *grand(e)* noch greater makket, is it feit dat wy út 'e dekanaetsregisters in tsjerklik gebiet kenne, dat yn Latynske foarm as *decanatus Grandivorum* to boek stiet en ek wol fan *Grandwerum* en *de Grandivers* hjit. Sjoch K. v. Richthofen, *Unters. II*, 596; F. Buitenrust Hettema, *Nomina geographica Neerlandica IV*, 134, 136, 216; O. Postma, *It Beaken III* (1941), 52 e.f.; M.P. van Buijtenen, *It Beaken XVII* (1955), s. 94. Sa't bliken docht út 'e opneaming fan 'e plakken, dy't meiinoar

dat dekanaet útmakken, moat dat lêste tusken Harns en Warkum oan 'e sé lein hawwe.

Hwat ik hjirboppe gearswile haw, is gjin nijs. It boarnemateriael koe lykwols net weilitten wurde, om't net oan to nimmen is dat eltse lêzer dat ta syn foldwaen hat. Bûtendat kin men sûnder sa'n oersjoch min it neikommende hifkje.

### III. Eardere foarklearringen

1. K. v. Richthofen hellet der yn syn *Altfriesisches Wörterbuch* (1840) ûnder *grandskrivere* (s. 781) net omhinne dat er mei dat wurd oanklaud siet: 'Wie dieses grandskrivere, wie grandere zu erklären sei, weiss ich nicht. Sollte dabei eine ahd. glosse 'in grente (in argillosa terra)' Graff 4, 330 in betracht kommen, zu der ich das nordfries. grant (ein körnchen, schmutz, fleck) Out[zen] 103 stellen möchte? Vgl. auch das isl. grand (granum, noxa)'.

2. Doe't deselde ûndersiker, dy't yn 'e 19de ieu it measte foar de stúdzje fan it Aldfrysk dien hat, syn *Untersuchungen über Friesische Rechtsgeschichte 11,1* (1882) útjoech, gong er djipper op it slimme fraechstik fan 'e *granderen*, de *Grandwerum* en it *Grandeboek* yn. Hy sammelet en oarderet alles hwat âldere skriuwers ús by biten en brokken forhelje en komt dan ta dit bislút (s. 599): 'Die Gegend, in der die aufgezählten Kirchdörfer lagen, mochte nach ihrer Bodenbeschaffenheit Grand, und mochten deren Bewohner Grandwera, Grandera heißen; sie stand nach dem Decanatsregister um 1482 unter einem bestimmten Decan, bildete um jene Zeit ein eigenes Decanat; über den Namen "Grandwerum" siehe oben p. 597 und über das ihm zu Grunde liegende Wort Grand (Arena) Fries.Wb. p.781. Mehrere ältere mit Grand zusammengesetzte Ortsnamen aus Rheinfranken und Baiern verzeichnet Förstemann Namenbuch 2. Ausgabe II p. 657, ohne sie erklären zu wollen'.

Wy wolle hjir efkes fêstlizze dat v. Richthofen oan forbân tocht hat mei mnd. *grant* 'grint, keizel', nhd. *Grand* 'sân', ânoarsk, niisl., nsw., nde. *grand* 'kerl, túchje', dat bisibbe is oan nfrysk *grint*, nnl. *grind*, *grint* 'keizel, grintstiennen', mnl. *grinde*, *grint*, útslach, rude', mnd. *grint* 'sân; rude', âhd., mhd. *grint*, nhd. *Grind* 'rude' en mei ags. *grindan* 'towriuwe, tognjirdzje', ning *to grind* 'mealle' by de ydg. wurdstam \**ghrendh-* heart (J. Pokorny, *IEW*. 459).

3. Yn *Nomina geographica Neerlandica IV* (1899) komt F. Buitenrust Hettema ek op 'e swierrichheden, dêr't de mei *grand-* gearstalde wurden jin foar sette. Hwat er op s. 141 boppe seit, dêr is taelkundich bisjoen it measte net op ôf to tingjen: 'Dat 'grandera' hetzelfde woord kan zijn als 'Grandwera' blijkt uit een vergelijking van ofr. *ondsera*, ags. *andswaru*; *ondert* praesentia, ohd. *antwort*, naast een *antworde* etc.; al blijft mogelijk dat '-(e)ra' niets dan een

suffix is achter g r a n d (e)'. Hy slacht de bal lykwols mis, as er ûnderoan op s. 141, nei ornearre to hawwen 'Met 'grandera' kan bedoeld zijn: van de 'granden'; terwijl met de 'granderen' en 'granters' de landstreek zelf, of zijn bewoners worden aangeduid', sà fuortfart: 'Dit is ook het geval in het boven genoemde hs. Jus Mun. Fris., wanneer in de Boetereeksen (XIVe eeuw?) van Leeuwardera-, Ferwerdera- en Dongeradeel in Oostergo gesproken wordt van "bote by wysene thes *grundsstruweris*," d.i. des *grandstraweris*, zoals te lezen is; en van: "thet send tha botha by wisera thes (l.wisene? ther) *grundstruweren*" = dit zijn de boeten naar 'wijzing' der grandstra-weren, zoals ook hier te verbeteren is'. Hwa't paleografysk goed yn 't sâlt bibiten is en hwat biroai oer Aldfryske rjochtsskiednis hat, sil fuortendaliks sjen dat it yn Jus oerlevere *grandscriweris* de iennichste goede lêzing en *grundsstruweris* oars neat as in forskriuwing dêrfan wêze moat. Buitenrust Hettema syn sabeare forbettering yn *grandstraweren* roait grif nearne nei. Hwat de bitsjutting fan *grand* oanbilanget, is dy wittenskiptsman tige hoeden. Hy forwiist nei *grand* yn Dútske plaknammen en folstiet mei it sizzen dat it neffens von Richthofen gelyk oan *arena* wêze soe.

4. R. His bringt de *grandskrivere* yn syn *Strafrecht der Friesen* (1901), s. 10, noat 6, al to praet, mar wit der gjin smee op: 'Die Bedeutung des Grandschreibers ist dunkel. Vielleicht darf man an an. grand, Schaden, denken. Vgl. Ri. WB. 781. Mit dem Westergoer Grandere und dem Dekanat von Grandwerum (Ri. U. 2, 596 f.) hat der Grandskrivere wohl nichts zu thun'.

5. In bjusterbaerlike útliz fan *grandere* is to lêzen yn H. Jaekel syn *Forschungen zur Altfriesischen Gerichts- und Ständeversammlung* (1907), s. 190 e.f. De opfetting fan v. Richthofens skyldfeint, lyk as Jaekel net ûnaerdich neamd wurdt, moat ik hjir wol folslein werjaen, hwant it is suver net dwaenlik om sa'n bulte misforstannen tagelyk rjocht to setten. Jaekel set sa fan ein: 'Den *grandera*, von denen wir nur durch den Grandera-Eid (*tha grandera stouynghe*) wissen, der uns unter den Eidesformeln des Wimbritzeradeels überliefert ist, stand Richthofen ebenso ratlos gegenüber wie dem *grandskrîvere* der Ostergauer Bußtaxen. Nach jener Eidesformel bildeten die *grandera* ein Kollegium mit dem *grandera grêtman* an der Spitze. Dieser *grêtman* und jener *grandera sîd*, d.h. jedes Mitglied des Granderakollegiums, hatten nur das, was zum *grandera riucht* gehörte, gemäß dem *grandera brêue* zu richten. In erster Linie sollten sie die Rechte der *grandera* und der *liude* gegen den Dekan und gegen den Bischof schützen. Ihres Amtes sollten sie walten *fan dissien dey undti deckenboeth tô stôle kompt*. Unter dem *deckenboeth* verstand Richthofen einen Dekansboten; aber dann müßte jenes Wort in *deckensboda* emendiert werden, während der zweite Teil doch sicher altfriesisch *bôth* "Mann" ist. Man könnte an einen Dekanvertreter denken, aber ein solcher müßte *\*deckensbôth* heißen. Das Wort *decken* "Dekan" kann überhaupt nicht in dem Worte

stecken, das *n* also nur auf einem Schreibfehler oder vielmehr auf der unrichtigen Auflösung einer Abkürzung beruhen. In der Vorlage stand offenbar *deekēboeth*, was nicht in *deckenboeth*, sondern in *deckemboeth* aufzulösen war. Der *deekemboeth* war der Decem-Mann oder Zehntner. Jene Worte bedeuten also: "von diesem Tage bis der Zehntner zur Sitzung kommt". Dieser Zehntner hat offenbar die dem Bischof und dem Dekan zustehenden Einkünfte, also Zinsen, Zehnten, Gebühren, Bann- und Strafgelder, mit den *grandera* verrechnet und übernommen. Den *grandera* hat also wohl hauptsächlich die Einziehung und Aufbewahrung jener Einkünfte obgelegen. Wir haben daher in ihnen Rentmeister oder "Kästner" zu sehen, und hierzu stimmt ihr Amtstitel, denn das Nomen *agentis grandere* kann nur von der friesischen Entsprechung des mhd. Masc. *grant*, genet. *grandes* "Behälter, Schrank, Kasten" gebildet sein, es muß also dasselbe wie ahd. *chastari*, altostfries. *kestere*, nämlich "Kastenverwalter, Kästner" bedeuten. Da der Eid der *grandera* des Grafen nicht gedenkt, ist diese Behörde offenbar zu einer Zeit geschaffen worden, so sich die Grafschaft Mittelfriesland in den Händen des Utrechter Bischofs befand. Damals mag auch das *grandera riucht* in dem *grandera brêve* festgelegt worden sein. Der *grandskrîvere* aber ist der Schreiber des *grandera-grêtman*. In seiner Hand müssen sich auch die Bußverzeichnisse befunden haben, weil die zu berechnenden Strafgelder meist einer bestimmten Quote der Buße gleichkamen. Der *grandskrîvere* war daher in der Lage, auch über die Höhe der Bußen ein Weistum abzugeben. De lêzer mei my dy lange oanhael út Jaekel syn boek forjaen. Ik haw mysels ôffrege hoe't immen sa'n nuver griemman oan it papier tabitrouwe kin. Optinksels lyk as Aldfrysk *bôth* 'man' en de mjuksfoarm *deekemboeth* foar 'Zehntner' (amtner dy't de tsienden bart) kin men mar better litte foar hwat se binne, to witten wylde fantasijen. Nei syn bitinken soe *grandere* in 'Kästner' wêze, d.i. in ûntfanger of rintmaster. Hoe't dat yn 'e goedichheit strykt mei in gearstalling as *granderagretman* en binammen mei *grandskrîvere* is my tsjuster. Né, hjir makket de Dútske skriuwer de iene misslach nei de oare op 'e hispel.

6. Alles hwat mei *Grandeboek* en de *granderen* anneks is hat O. Postma 34 jier nei Jaekel opikkere yn syn artikel, *Granderen, Aenwert, Grandiuorum, Utberdum. Bydrage ta de ierdrykskinde fen middelieusk Fryslân (It Beaken III, 1941, s. 52-59)*. Nou haw ik altiten al hwat in skalk each hawn op taelkundige forklearringen fan Postma, dy't in great dichter en in tûke kender fan ús lânbouskiednis wie. Syn earste forsin stiet op s. 56, dêr't er der op út wol, it opskrift fan it boeteregister yn Jus soe sa lêzen wurde moatte „Thet send tha botha by wisene thes *grandstraweris*“ = „Det binne de boeten neffens de wizing fen de *grandstrawear*“. *Grandstrawear* scoe den in krite wêze lyk as de oare yn dy registers neamde: „tha dele to Lyowerd“, „Woldensradeel“, „de Hemmen“ e.s.f. Nou witte wy det *stra* faek ôfwikselt mei *ra*, b.g. Tytsjerksteradiel en Tytsjerkeradiel

komme beide foar. *Grandstrawear* en *Granderawear* bitsjutte dus itselde. Wy binne hjir den op de namme *Grandera* komd, dy't wy boppe bispritsen hawwe. *Wer, war* (letter ek *wear*) kinne allerhande bitsjutting hawwe; ik scoe it hjir for in rjuchtsgebiet hâlde wolle sa as ek *Doniawarstal*, *Stellingwerf*, *Bornevrede* e.s.f.'. By Postma spoekje noch, in kromke foroare, de *Grandstraweren* om, dy't wy al by Buitenrust Hettema tsjinkommen wiene. Oer de fraech oft al of net in krite bidoeld wurdt, kin de foarm *grandstraweris* gjin útslútsel jaen, deagewoan om't dy net bistiet. Wy sille foar en nei oan 'e lêzing *by wysene thes grandscriweris* fêsthâlde moatte (sj. boppe II, 2). It wurd *Grandeboek* wol Postma forbine mei Nijfrysk *grande* 'in poarsje iten of drinken; taks'. 'Yn in Great Ned. Wirdboek', sa seit er, 'fine wy for *grant, grand, grande*: "wettig deel" en "hetgeen iemand te vorderen heeft". Dit is hwet algemiener as it fryske, mar komt er oars aerdich mei oerien. Nou stiet er oan it ein fen it neamde Hs. fen Starum in list fen jierlikse ynkomsten (fêste rinten), dy't de stêd to barren hat. It bigjint mei in post fen 15 skilden fen 12 st. en 9 botkens dy't it konvint jiers skildich is, den rinte út mounlesteën, den rinte út St. Odulfus fjild e.s.f. Dy lêste rinte scil wêze hwet Westerman op it each hie. Nou is myn hypothese det dy fêste rinten bidoeld wirde mei it wird *grande*: it binne wettige poarsjes, dy't de stêd alle jierren to foarderjen hat. Dêrnei hat it boek de namme *grandeboek* krigen. As det sa is, scil dizze namme wol neat út to stean hawwe mei *granderen, grandera* e.s.f.'. Postma syn ûnderstelling dat *grande* 'fêste rinten' bitsjutte soe, is weardich achte om yn 'e *Encyclopedie van Friesland* (1958), s. 324, opnommen to wurden! Oangeande *granderen* bringt er foar de trie, dat dat wurd wol ris mei Nijfrysk *grân* 'skil, skyl' [Holl. 'schelpgruis'] en Nijfrysk *grant* 'grint, groumoal' gearhingje koe en hy fart dan sa fuort: 'Ik scoe sizze wy kinne ús dus wol hâlde oan de bitsjutting fen *grand* as fyn guod, mar ek wer net al to fyn. It hat yn syn bitsjutting in bult fen "kriel" ef "lytsgûd" en fen it hollânske "grut". Dy nammen wirde allegearre brûkt for in heap lytse dingen byinoar; ik achtsje it net ûnmogelik det dêr ek *grand* for brûkt wirde koe yn in tiid det it wird faeks hwet algemiener wie as tsjinwirdich. En nou binne dêr in heap lytse doarpen byinoar yn ien rjuchtsgebiet, 17 wol; scoenen dy nou net meiinoar it "lytsgûd", it „kriel" ef it „grand" neamd wurde kinne? Dêrmei is de stap dien. It gebiet hjit den allicht Grandstera wear (de wear fen it Grand); it hat in Grandstera rjucht ef Grandera rjucht en in Grandera grytman. En de streek kin ek maklik de Granderen komme to hjitten. It is miskien in dryste hypothese, hwer ik hjir mei oan kom, mar ik woe it dochs net forswije'. Oant safier Postma. Ja, dryst is it grif hwat dy hjir útstelt. It wol my alteast net oan. Men kin fiele en taeste dat de wurden *grân* en *grant* der by de hierren byskuord binne om in slutende forklearring to krijen.



7. De lêste dy't oant nou ta it hjitte hangizer fan 'e *granderen* oangean doarst, is M.P. van Buijtenen yn in bydrage, titele as *Het Dekanaat Bolsward annex Utbirdum en Grandivorum (It Beaken XVII, 1955, s. 84-97)*. Oan taelkundige aventûren weaget de skriuwer him (diskear) net. Koart en bounich ornearret er op s. 94: 'De namen "decanatus Grandivorum" en die van de "grantera grietman" blijven onverklaard'. Dat stim ik him alhiel mei, it is sa wis as it amen yn 'e tsjerke. Doe't ik alle literatuer trochwraksele hie, hie ik oanstriid om mei de studint yn 'e 'Faust' út to roppen: 'Mir wird von alle dem so dumm, als ging' mir ein Mühlrad im Kopf herum'.

#### IV. *In nije útliz*

De lêzer sil sa njonkelytsen binjld wêze om to hearren hwat de skriuwer fan dit stik foar de âldere, net bifredigjende forklearringen yn 't plak sette wol. Nou is it finen fan in útliz, dy't yn sokke slimme gefallen de spiker op 'e kop slacht, mear in gunst as in kunst. Doe't ik op in goede dei ris omsneupte yn Otto Mensing syn *Schleswig-Holsteinisches Wörterbuch II, 1929, spjalt 465*, kaem my it trefwurd *grande* ûnder 'e eagen, dêr't ik fuort niget oan hie fanwegen syn rjochtshistoaryske ynhâld. Dat wurdboekartikel liket my wichtigernôch ta om it hjir yn syn hiele hear en fear oan to heljen:

G r a n d e (*grande*) f. „die Versammlung der Dorfs- und Kirchspielsgenossen“, „die versammelten gleichberechtigten Teilhaber an der Feldgemeinschaft“ Nordschlesw. 1860 (Jb. f. Ldk. 6, 57); jüt. *granne*, altnord. *granni* „Nachbar“, norw. *grande* „Nachbarschaft“, „Bezirk“.- Zsstzg. G r a n d s t o c k m. „der Stab, in dem die Hausmarken der Dorfgenossen eingekerbt waren und der von Nachbar zu Nachbar geschickt wurde, um zu einer Versammlung zusammenzurufen“ Alsen (Heim, 18, 117).

Dat my nei it lêzen fan dat artikel in ljocht opgong oer de wiere bitsjutting fan it *Grandeboek*, de *grandskrîvere* en de *granderagrêtman*, kin men fan tinken wol hawwe. Wy stjitte dêr op in hiel oar wurd as Aldnoarsk *grand 'skea'* (K. v. Richthofen; R. His) en *grande 'poarsje, taks'* (O. Postma) of *grand 'sân, groumoal, keizel, grint'*, dêr't K.v. Richthofen letter (en winliken ek F. Buitenrust Hetteema en O. Postma) op út woene. It is in germaensk wurd foar 'buorman, doarpsgenoat': ndeensk (literair) *grande*, âlder deensk *grannæ*, nnoarsk, nsweedsk *granne*, ânoarsk, niisl.

*granni*, goat. *garazna* < *garaznan*. Yn wêzen is dat in possessive gearstalling, in bahuvrihi-compositum (om it ris geleard to sizzen), foarme út *ga-* 'byinoar' en goat. *razn*, anoarsk *rann*, ags. *ren* 'hûs'. Dat sadwaende wie de grounbitsjutting fan germ. \**garaznan* 'dy't mei jin yn itselde hûs (of deselde huzerige) wennet'. To forlykjen is dêrmei in âhd. gearsetting lyk as *gibûro* 'buorman' by *bûr* 'hûs, wente'. Njonken dat manlike \**garaznan* stiet in froulike ôflieding \**garazniþo* yn anoarsk *grend*, f. 'buorskip', niisl. *grend*, f. 'krite', nnoarsk *grend* 'buorskip, krite', nsweedsk *gränd* 'steech yn in stad', nnd. (Sleeswyk-Holstein) *grande*, f. 'die Versammlung der Dorfs- und Kirchspielsgenossen', âldfrysk *grande*.

Hwat docht nei it boppesteande bliken? *Grande* yn *grandeboek* moat lykbitsjuttend wêze mei âldfrysk *bûrar* buorren, doarpsgenoaten, stimrjochtige leden fan 'e doarpsmienskip', letter ek 'ynwenners fan in stêd, boargers'. Sjoch foar de lêste bitsjutting bygelyks de oanrin fan in Frjentsjerter *buurbrief*: 'Dyt sent da punten, der Fronekera buren eneghet habbet to halden in dat ewelick, vm netticheyt dera *buren* ende dera caepliudena ende/all weyferdeghe liodum, der dat keyserriocht to Fronekera dele oerlof ende consent by fulla rede habbet to iaen' (*Fries. Rq.* 479, 15 e. f.). Lyk as wy nou út Frjentsjer in *buurbrief* (âfrysk *bûrbrêf*) fan 1417 kenne en yn Appingedam sa'n statút al yn 1327 opmakke waerd<sup>5</sup>, sa hie Starum syn *grandeboek* (âfrysk *grandebôk*), dat allinne mar in oare namme foar itselde is. Dat *grandeboek* moat ek sawat yn 'e selde snuorje ûntstien wêze as de oare stedboeken, hwant Westerman neamt it yn 1611 'eenighe hondert jaren out'.

De *grandskrîvere* wurdt jin nou ek op slach dûdlik, wy kinne dêr wer \**bûrskrîvere* foar lêze, de skriuwer of griffier fan 'e buorren, fan 'e 'meente', de rjochtsmienskip yn doarp, krite of gea. Ut in taelkundich each bisjoen stiet in bineaming as *bûrskrîvere* op 'e selde streek as de Riustringer *bûraldirmon*.

It bigryp *granderen* mei syn forbiningen *granderagrêtman* ensfh. jowt langer likemin swierrichheden. Alderearst ha wy út to meitsjen oft ûnder *grandere* in persoan of in kontrei forstien wurde moat. Wylst Jaekel yn 'e *grandere* in rjochtsamtner - de ynbarer fan 'e tsienden - seach en Buitenrust Hettema wifke tusken in gea en syn biwenners, is Postma fan bitinken dat it wurd 'mei diel of lân oerienkomt'. It stiet net yn bistân dat de lêste it fan dat oangeande by de rjochte ein hat. Ommers, it Aldfryske kronykje yn Jus skriuwt oer de forwoasting fan da *granderen* yn 1422 en Petrus Thaborita fornijt ús dat yn 1422 *die granderen*, to witten Warkum, Starum en Hylpen mei har omkrite, forrinnewearre waerden. Al is soks op himsels klear en dûdlik, der kin midlikerwize noch in oar biwiis bybrocht wurde. Hâlde wy de *grandera*-eed njonken de foarôfgeande Wymbritseradielster grytmanseed, dan falt ús fuort in biskate oerienkomst yn 'e wurdkar op. De grytman (en syn bysitters) moatte ûnthjitte dat se

[Wymbritseradiel]: al disse deel ief disse lande ende  
 [grandera-eed]: al disse granderen ende  
 [Wymbritseradiel]: disse lijoden hold ende gonstich se  
 [grandera-eed]: disse lioden hold ende gonstich se  
 [Wymbritseradiel]: riochtis redis ende riochtis riuchtis  
 [grandera-eed]: riuchtis<sup>6</sup> reden ende riuchtis riuchter<sup>7</sup>

De rjochters bifêstigje dus mei eedswarring dat se *lande ende lijoden, granderen ende lioden* hou en trou wêze sille. Ik soe freegje wolle: hwat leit mear yn 'e reden as de fêste forbining fan *land ende lijode*, âldeastfrysk *lond and liode*, nhd. *Land und Leute*? Earst komt it *lân*, dan it *folk* - net oarsom. Der mei men út bislute dat *granderen* ek in oantsjutting fan in *lân*, in *gea*, in *diel* wie.

As wy ús fierders to binnen bringe dat yn 'e dekanaetsregisters in tsjerklik gebiet van *Grandwerum* of van de *Grandivers* foarkomt, forlatynske ta *decanatus Grandivorum*, dan hat it wol it measte eigenskip, dat wy fan in foarm mei *w* útgean moatte, dus fan *grandwere*, meartal *grandweren*. Wol men it útfallen fan *w* neisjen, dan is Van Helten syn *Altostfries. Gramm.* § 85 in bitroude paedwizer. Sprekkende foarbylden binne dêrre âfrysk *ondsere* 'antwurd, forantwurding' - ags. *andswaru*; âfrysk *ondert* 'bywêzen' - âhd. *antwurt*; âfrysk *onderdia* njonken âfrysk *ondwardia* 'antwurdzje' (hjoeddedei noch *anderje* nêst *antwurdzje*). Dêr soe ik âwfrysk *anderk* (*Rq.* 399,9), *onderk* (*Rq.* 422,34) < *andwerk* 'ark, reau, ridskip' noch oan taheakje wolle. Neffens my meije wy *granderen* < *grandweren* lykslaen mei *\*bûrweren*, de werren of warren fan 'e buorren, it mied- of siedlan fan in doarpsgebiet, de doarpskrite, it *gea*. Dat fjildnammen gauris ta plaknammen of bineamingen fan krite wurde, is in bikend forskynsel. Tink mar oan *die langhe werren* (ûnder Aldeboarn), *die lange warren* (yn Ferwert), *die lange warren* (*werren*) (by Twellegea) en de doarpsnamme *Langwar*<sup>8</sup>. Of oan 'e opjeften fan 'e *Beneficialboeken* foar Hylpen: *in de MoIckwerren*; Koudum: *de Molckwerren* en fan it Register fan 'e Oanbring foar Nijahuzen: *in die molcwerren*, deselde lânnamme, dy't ek yn *Molkwar* (holl. *Molkwerum*) sit<sup>8</sup>. En prate wy net fan *de Lege Geaën*, as wy de streek bidoele, dêr't de doarpen Offingawier, Gau, Sibrandabuorren, Tersoal en Poppingawier yn lizze? Krektlyk sil *granderen* < *grandweren* = *\*bûrweren* as in fêste bineaming oergien wêze op in gebiet yn Fryslâns Súdwesthoeke. Sa is it ek to forklearjen dat in algemien wurd as *\*burweren* likegoed as *de Granderen* op in stripe tusken Starum en Warkum as op it dekanaet *Grandivorum* (*Grandwerum*, de *Grandivers*) binoarden Warkum slaen kin.

Boppe haw ik der op wiisd dat yn dy sékontreijen mear as ien *granderagrêtman* west hawwe moat. Sa'n grytman moast rjochtsje neffens it *granderabrêf*, syn *buurbrief* (!); hy wie hâlden om mei de *granderasîden*, syn bysitters, de *granderaponten* ta to passen. By it oangean fan har amt bi-

swarden alle rjochters de ynhâld fan 'e *granderastoyinghe*, it eedsformulier fan har diel. Neffens dy eed moasten se ûnthjitte, dat se *al disse granderen ende disse lioden*, dit hiele rjochtsgebiet en syn biwenners, hou en trou wêze soene.

Fan *grand(e)* yn *grandeboek*, *grandere* en *grandskrîvere* is bûten de oanhelle plakken gjin spoar mear yn it Aldfrysk to bikennen. It haedwurd *grand(e)* mist yn it Aldingelsk, mar dêr hat men gjin hâld oan, as men útmeitsje wol, oft it net of al in ûntliening is. Utslútsel dêroer jowt allinne de foarm *grand(e)* sels. Dy kin net de fuortsetting wêze fan germ. \**garaznan* 'buorman', goat. *garazna*, ânoarsk, niisl. *granni*, nnoarsk, nsweedsk *granne*, âlder deensk *grannæ*, ndeensk (literair) *grande* - yn it Nijdeensk is *nd* allinne mar in stavering foar *nn* -, hwant dan soene wy in Aldfrysk *granna*, -*e* krige hawwe. Fan gefolgen moat âfrysk *grand(e)* krektlyk as ânoarsk *grend* f., 'buorskip', niisl. *grend*, f., 'krite', nnoarsk *grend* 'buorskip, krite' nsweedsk *gränd* 'steech yn in stêd', sleeswyk-holsteinsk *grande*, f., 'die Versammlung der Dorfs- und Kirchspielgenossen' út germ.\**garazniþô* fuortkommen wêze. En dat wiist wer út, dat âfrysk *grand(e)* 'buorren, krite' ûnmooglik út it Skandinaefsk oernommen wêze kin, om't it to uzes net *grend(e)*, mar *grand(e)* is. Dat de *i*-umlaut fan *a* him yn it Aldfrysk foar nasaelforbiningen faker net trochset hat, dêr jowt Van Helten syn *Altostfries. Gramm.* § 27 foarbylden by de rûs fan. Sa komme wy ta it bislút, dat *grand(e)* in eigen, ynlânsk rjochtsbigryp west hat, in tige âld rjochtswurd, dêr't de neiste sibben fan foun wurde yn it Skandinaefsk. It is letter útstoarn en allinne yn it Starumer *Grandeboek*, de *grandskrîvere* en de *granderen* < *grandweren*, de namme fan in stripe by de súdwestlike Fryske séiggen lâns, hingjen bleaun.

*Grins*

*W.J. Buma*

## Noaten

1. De lêzing *grundstruweris* by M. de Haan Hettema, *Oude Friesche Wetten II*, 1847, s. 257 doocht net.
2. M. de Haan Hettema, *Oude Friesche Wetten II*, 209, hat dy foarm forkeard oplost as *grundsstruweren*.
3. Oanfollingen fan my steane tusken kante heakken.
4. Sj. P. Gerbenzon, *Kleine Oudfriesche kronieken*, Groningen 1965, s.55.
5. Sj. K. v. Richthofen, *Fries. Rq.* 295-298.
6. lê: *riochter*.
7. lê: *riuchtis*.
8. Sj. O. Postma, *Fryske Plaknammen IV*, 1951, s. 71-74 en J.J. Kalma, *Fryske Plaknammen IV*, s. 74-81.